

Houkje Tamsma, genêshear-direkteur

## Ast de taal behearskest, werkenst de nuânses

**‘Ik tink dat in hiel soad minsken it dreech fine om goede wurden oan harren gefoel te jaan. It hinget derfan ôf hoefolle ast dêrmei oefenest en dat hat wer te krijen mei watst leard hast. It is fansels wol sa dat hoe dreger ast it fynst om wurden te finen foar dyn gefoel, hoe nofliker it is om yn dyn eigen taal prate te kinnen. Oft dat no Nederlâns, Frysk, Turksk of Russysk is, dat makket úteinlik net folle út.’**

Oan it wurd is Houkje Tamsma, as genêshear-direkteur wurksum by GGZ Fryslân. Houkje hat jierrenlange ûnderfining as psychiater en ûnderskriuwt dat it praten fan de ‘memmetaal’ helpend wêze kin yn it pasjintekontakt en de behanneling. Ut in ûndersyk ûnder de meiwurkers fan GGZ Fryslân is nei foaren kommen dat it meastepart fan har kollega’s dit meistimt en boppedat 78% fan de Fryskpratende kollega’s deistich Frysk praat mei pasjinten.

### Stigma

Om te begjinnen, sa jout Houkje oan, moatte wy net ûnderskatte hoe dreech it is om nei in psychiater of psycholooch te gean. Dat hat ek beslist te krijen mei it negative stigma op psychiatryske problemen. Har oplieder sei dêr doedestiids oer: “Moatst net ferjitte dat minsken witte dat se ea yn hannen falle fan in somatysk dokter en dat minsken hoopje dat se nea yn hannen falle fan in psychiater.” En neffens Houkje is dat in wierheid as in ko. Ast bygelyks de foet stikken hast, is dat foar oaren taastber en krijst in soad meilibjen fan minsken yn dyn omjouwing. Ast mei in psygoaze opnommen wurdst, is dat (ôfsjoen fan in inkelde útsûndering) net it gefal. En dat witte minsken fansels. Om dan prate te moatten oer wat dy dwerssit of oer dingen dy’tst meimakkest dy’t net doge, is op himsels al in geweldige drompel dy’tst nimme moatst. Dan helpt it dat dejinge dy’t tsjinoer dy sit deselde taal praat. It makket datst dy mear begrepen fielst en mear op dyn gemak bist. Neffens Houkje is dat foaral foar minsken dy’t yn harren deistich libben yn haadsaak Frysk prate, in geweldich ferskil. Ut it earder neamde ûndersyk blykt boppedat dat benammen âldere minsken dy’t thús Frysk prate har ek better uterje kinne yn it Frysk.

### Gewoan freegje

Ast as behanneler de taal behearskest, dan werkenst de nuânse yn de dingen dy’t de minsken sizze. Dat sit bygelyks yn de yntonaasje en de wurdkar. Ast minsken dy’t primêr Frysk prate fregest om yn it Nederlânsk oer te setten hoe’t se har fiele, dan ferdwynt der in soad fan dy nuânse. Houkje wol dan ek as tip meijaan om gewoan te freegjen wat minsken noflik fine. En ast wat net goed begrypst, is it hiel wichtich om mei respekt en oandacht troch te freegjen. “Taal is ien fan de wichtige manieren om kontakt te meitsjen.”

Troch: Tialde Ploegh